

sneon 8 oktober 2022 om 13.30 oere yn Tresoar (Boterhoek 1, Ljouwert)

De feanbazen Van der Sluis

troch: **Reitze Jonkman**

Het is eene quaestie van vraag en aanbod, antwurde feanbaas Van der Sluis op de fraach hoe't de hichte fan de arbeidersleanen yn syn Appelskeaster feanterij fêststeld waarden. Dat de dominante posysje fan de feanbaas dêrby folle sterker wie as dy fan de arbeider liet hy wyslik yn 'e midden.

Wiene minne libbensomstannichheden fan de feanarbeiders no myte of realiteit? Wiene de turfbazen no Goeddwaanders of Útstrûpers? Op grûn fan boekhâldsifers, de deiboeken fan de ferfeanters en persoanlike ferhalen fan de belutsenen, kaam in boek ta stân dat past by de diskusjes yn ús tiid oer de maatskiplike omstannichheden fan doe. Reitze Jonkman makke in analyse fan in yn de famylje fan syn frou bewarre bleaune boekhâlding fan **Alle Wytzes van der Sluis**, de wichtichste feanbaas yn Appelskea. It waard in sosjaal-ekonomysk ferhaal tsjin in eftergrûn fan in famyljeskiednis. Net allinne dy fan de bazen, ek de arbeiders wurde út de anonimiteit helle. Der kaam sels in Quote 30 fan Appelskeaster turfgravers ta stân. Fansels sil by it Genealogysk Wurkferbân op dizze kant fan it boek ekstra aksint lein wurde.



Reitze Jonkman (Weinterp 1950) wurke as dosint wiskunde en konrektor oan it Drachtster Lyceum. Troch syn ynteresse yn famyljeskiednis rekke syn namme ferbûn oan de famyljeboeken Van der Sluis en Jonkman en de genealogy fan de famylje Posthuma yn it Genealogysk Jierboek fan 2008.

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! Tagong fergees.


zaterdag 8 oktober 2022 om 13.30 uur in Tresoar (Boterhoek 1, Leeuwarden)

De veenbazen Van der Sluis

door: **Reitze Jonkman**

Het is eene quaestie van vraag en aanbod, antwoordde veenbaas Van der Sluis op de vraag hoe de hoogte van de arbeiderslonen in zijn Appelschaster veenderij vastgesteld werden. Dat de dominante positie van de veenbaas daarbij veel sterker was dan die van de arbeider liet hij wijselijk in het midden.

Waren slechte levensomstandigheden van de veenarbeiders nu mythe of realiteit? Waren de turfbazen nu Goeddoeners of Uitzuigers? Op grond van boekhoudcijfers, de dagboeken van de verveners en persoonlijke verhalen van de betrokkenen, kwam een boek tot stand dat past bij de discussies in onze tijd over de maatschappelijke omstandigheden van toen. Reitze Jonkman maakte een analyse van een in de familie van zijn vrouw bewaard gebleven boekhouding van **Alle Wytzes van der Sluis**, de belangrijkste veenbaas in Appelscha. Het werd een sociaal-economisch verhaal tegen een achtergrond van een familiegeschiedenis. Niet alleen die van de bazen, ook de arbeiders worden uit de anonimiteit gehaald. Er kwam zelfs een Quote 30 van Appelschaster turfgravers tot stand. Natuurlijk zal bij het Genealogysk Wurkferbân op deze kant van het boek extra accent worden gelegd.



Reitze Jonkman (Weinterp 1950) werkte als docent wiskunde en conrektor aan het Drachtster Lyceum. Door zijn interesse in familiegeschiedenis raakte zijn naam verbonden aan de familieboeken Van der Sluis en Jonkman en de genealogie van de familie Posthuma in het Genealogysk Jierboek van 2008.

Belangstellenden zijn van harte welkom op deze vergadering! Toegang gratis.